

I N I S J A T Y F UTSTEL

GEMEENTERIE FRJENTSJERTERADIEL

Utstel fan:

riedsleden G. Iedema-Zondervan (FNP) en G.D. Geldof (D66)

Underwerp:

Jongeren Adviesraad (Jongerein Advysrie)

Foarnommen beslút:

1. De jongerein te ynteressearjen foar ús mienskip en gemeentepolityk en dit ta stân te bringen troch it oprjochtsjen fan in Jongerein Advysrie.
2. De gearkomsten fan de Jongerein Advysrie, jierliks likernôch 4 oant 6 kear, plakhawwe te litten yn de âlde riedseal fan it Stedhûs yn de gemeente Frjentsjerteradiel.
3. Alle fraksjes te belûken by dizze Jongerein Advysrie.

Ynlieding:

Alle fraksjes yn de gemeenterie wolle de jongerein ynteressearje foar de gemeentepolityk en harren yn'e kunde komme litte mei DE POLITYK, mei it debattearjen, gearkomme en harren bewust meitsje fan wat der sa al spilet yn de gemeente. In wurkgroep út ûnderskate partijen hat nei in yngeande oriïntaasje in opset makke foar in Jongerein Advysrie (JA). Dêr liket foldwaande draachflak foar te wêzen.

Projektplan:

De JA sil bestean út jongerein yn de leeftydskategory 14 oant 18 jier, dy't oftewol wenje oftewol nei skoalle geane yn de gemeente Frjentsjerteradiel. Dit is nedich om safolle mooglikheid belutsenheid te hawwen by de te behanneljen punten yn de JA. In minimum fan 5 leden wurdt needsaaklik achte om ta in wurksum gehiel te kommen.

Eltsenien is wolkom, sy dy't ynteresse hawwe yn de polityk of leare wolle te debattearjen of harren gewoan belutsen fiele by wat der allegearre spilet yn de gemeente Frjentsjerteradiel. Boppedat draacht it by oan de persoanlike ûntwikkeling. Fan de jongerein wurdt gjin politike kleur ferwachte.

De JA sil 6 kear yn it jier gearkomme. Dit om de jongerein net te swier te belêsten en de drompel om mei te dwaan net te heech te meitsjen. De gearkomsten sille plakfine yn in romte beskikber steld troch de gemeente Frjentsjerteradiel. De leden wize sels in foarsitter oan en wannear nedich in agindakommisje en in griffier, dy't sy kieze út de eigen leden. Punten foar de wurklist wurde foar in part troch de jongerein sels oandroegen, in eask is wol dat de ûnderwerpen hearre ta it taakgebiet fan de (reguliere) gemeenterie. De útkomst fan de gearkomste sil oan de leden fan de gemeenterie en/of it kolleezje oanbean wurde.

Gearfetten: De JA mei frege en net frege (op eigen inisjatyf) advys útbringe.

Winnen fan jongerein:

Foar it winnen fan jongerein wurde dosinten fan it fuortset ûnderwiis yn de gemeente Frjentsjerteradiel ynskeakele. Boppedat wurdt der kontakt lein mei jeugdorganisaasjes yn de gemeente en is der in ambassadeur fûn (in riedslid yn de jeugdgemeenterie fan in oare gemeente) dy't ree is om jongerein te motivearjen.

Treningen:

De gearkomsten wurde oanfold mei treningen en ynliedingen oer it bestjoer fan de gemeente, debattearjen, fergadertechnyk en sokssawat. In grut tal persoanen dy't belutsen binne by it gemeentebestjoer, aktyf binne yn de polityk of wurksum binne yn't ûnderwiis, wurdt frege om belangeleas mei te wurkjen.

Doel:

Jongerein mear belûke by de mienskip en de gemeentepolityk, trene op it mêd fan debattechniken, fergaderfeardicheden en it opdwaan fan ûnderfining op it mêd fan bestjoeren.

Wachens:

Sûnder de kreative begelieding is de kâns grut dat it gjin wurksum gehiel wurdt. Sûnder de earder neamde treningen en ynliedingen ferliest dizze JA syn oantreklikens. Dit jildt ek foar de kunde fan it fergaderjen yn in "echte" riedsseal. Foar de begelieding wurdt in wurkgroep foarme.

Finânsjes:

It is de bedoeling dat de JA budzjetneutraal wurket. Dit kin trochdat alle belutsen partijen, kolleezje, oplieders, ensfh. ree binne harren hjir fergees foar yn te setten. By de earste presintaasje fan it projektplan mei betrekking ta it oprjochtsjen fan in JA is brede stipe nedich fan de gemeenterie.

De inisjatyfgroep sil nei ynstimming fan de gemeenterie in wurkgroep foarmje foar de begelieding fan de JA. Dizze wurkgroep sil in plan opstelle foar de útfiering en oergean ta oprjochting fan de JA, sa mooglik noch yn it nije politike seizoen 2016-2017.

Frjentsjerteradiel, Maaie 2016

G. Iedema-Zondervan

G.D. Geldof